

Tekst 1 Is Willie Wortel foar it Frysk?

- 1p 1 Hoe fielde de skriuwer him as promotor fan in nije Fryske lesmetoade?
- A Hy fielde him hiel noflik yn dy rol. Dat docht bliken út de kombinaasje fan de earste en de twadde sin.
 - B Hy fielde him hiel noflik yn dy rol. Dat docht bliken út de twadde sin.
 - C Hy fielde him hielendal net noflik yn dy rol. Dat docht bliken út de earste sin.
 - D Hy fielde him net hielendal noflik yn dy rol. Dat docht bliken út de kombinaasje fan de earste en de twadde sin.
- 1p 2 Hokker 'kopke' slút it bêste oan by de kearn fan alinea 2?
- A Arumer skoalbern skoare it bêste resultaat
 - B It bêste Frysk yn de lytse bouhoeke
 - C Nije lesmetoade oeral goed ûntfongen
 - D Skoalbern optein oer nije lesmetoade
- 2p 3 Fetsje it tekstpart "Under de ... serieus nommen." (r. 27-49) gear yn maksimaal 30 wurden.
- 1p 4 Wat is it ferbân tusken "Under de ... yn 1980" (r. 27-33) en "Dat soks ... serieus nommen." (r. 34-49)?
- A konkludearjend
 - B oarsaaklik
 - C opsomjend
 - D tsjinstellend
 - E útlizzend
- 1p 5 Wat is it ferbân tusken "Dat soks ... serieus nommen." (r. 34-49) en "En dat ... yn Fryslân." (r. 49-51)?
- A konkludearjend
 - B oarsaaklik
 - C opsomjend
 - D tsjinstellend
 - E útlizzend
- 1p 6 Wat is it ferbân tusken "En dat ... yn Fryslân." (r. 49-51) en "Okkerdeis kaam ... minder Frysk." (r. 53-68)?
- A konkludearjend
 - B oarsaaklik
 - C opsomjend
 - D tsjinstellend
 - E útlizzend

Eindexamen Fries havo 2009 - I

havovwo.nl

- 1p 7 Wat is it ferbân tusken “Okkerdeis kaam ... minder Frysk.” (r. 53-68) en “It mei ... achterút kachelt.” (r. 68-74)?
- A konkludearjend
 - B oarsaaklik
 - C opsomjend
 - D tsjinstellend
 - E útlizzend
- 2p 8 Yn hokker trije situaasjes wurdt ûnderling hyltyd minder Frysk brûkt?
- 2p 9 Mei wat foar doel hellet de skriuwer ‘Koarnjum’ en ‘Gau’ (r. 79) oan? Brûk net mear as 20 wurden.
- 2p 10 Sitearje de kearnsin út alinea 4.
- Neffens de skriuwer is *Studio F* gjin “ôfdwaande remeedzje om it Frysk in grutter plak te jaan yn it ûnderwiis” (r. 85-87).
- 2p 11 Wêrom hat it promoaten fan dy lesmetoade neffens him dochs wol sin? Brûk net mear as 30 wurden.
- 2p 12 Sitearje de kearnsin út alinea 5.
- 2p 13 Fan watfoar stylfiguer is ‘fruchtbere jûn’ (r. 133) in foarbyld? Motivearje dyn antwurd.
- Yn r. 125-126 neamt de skriuwer in tal saakkundigen.
- 1p 14 Wêrom fynt de skriuwer dy saakkundigen ‘Willie Wortels’ (r. 140)? Brûk net mear as 10 wurden.
- De skriuwer wol net oansjoen wurde foar in ‘swiersettige ûndergongsfilosoof’ (r. 81-82).
- 2p 15 Op grûn fan hokker alinea’s soe men oars dy yndruk wol krije kinne? Neam trije alinea’s.
- 1p 16 Wat is neffens de skriuwer it wichtichst foar it Frysk?
- A In sterkere wetlike basis foar it Frysk.
 - B It brûken fan de metoade *Studio F* yn it ûnderwiis.
 - C It ynsjoch dat meartaligens in ferriking is.
 - D Kreative ideeën foar de takomst fan it Frysk.
- 1p 17 Wat is it wichtichste skriuwoel fan de tekst?
- A ferdivedearje
 - B ynformearje
 - C oantrune
 - D oertsjûgje

Tekst 2 It sûpen giet gewoan troch ...

- 2p **18** Wêrom pleite de skriuwer foar in plan tsjin alkoholmisbrûk?
Brûk net mear as 15 wurden.
- 1p **19** Wêrom sil it alkoholprobleem wol net oanpakt wurde?
Brûk net mear as 10 wurden.
- Yn r. 28 hat de skriuwer it oer de 'maatskiplike kosten' fan alkohol.
- 2p **20** Op hokker trije terreinen dogge dy kosten har foar? Brûk yn totaal net mear as fiif wurden.
- 2p **21** "En dochs is alkohol maatskiplik folslein akseptearre." (r. 58-59)
Kloppet dy bewearing? Motivearje dyn antwurd mei in sin út it foarôfgeande part fan de tekst.
- 2p **22** Watfoar maatregel bedoelt de skriuwer mei 'in fanatike oanpak' yn r. 70-71 en wêrom is er dêr net foar?
Brûk net mear as 12 wurden.
- 1p **23** Wat is it ferskil tusken it drankmisbrûk fan earder en dat fan no?
Brûk net mear as 20 wurden.
- Yn alinea 8 stiet in riddenearring dy't as in drôchreden beskôge wurde kin.
- 2p **24** Meitsje dúdlik om hokker riddenearring it giet en lis út wêrom't der sprake fan in drôchreden is.
- 1p **25** Wêrom makket de skriuwer de gemeenten it ferwy't fan 'symboalpolityk' (r. 110)?
Brûk net mear as 15 wurden.
- Om it alkoholmisbrûk ûnder jongeren tsjin te gean komt de skriuwer mei in hiele list fan maatregels, û.o. it oanskerpjen fan de wetjouwing (r. 129-130).
- 2p **26** Jou dêrfan fjouwer foarbylden út de tekst.
- Behalve it oanskerpjen fan de wetjouwing neamt de skriuwer noch in hiel oar soarte maatregel.
- 1p **27** Hokker maatregel is dat?
- 1p **28** Wat is it wichtichste skriuwoel fan de tekst?
A ferdivedearje
B ynformearje
C oantrune
D oertsjûgje

Tekst 3 Kolaatsje op alkoholgearkomste

1p **29** Wêrom wol de provinsje de help fan de probleemgroep ynskeakelje? Brûk net mear as fiif wurden.

Binnendijk fûn it 'in nuttige jûn' (r. 58-59).
2p **30** Fûnen de oanwêzige jongeren dat ek?
Ljochtsje dyn antwurd ta mei trije foarbylden út de tekst.

1p **31** Wat is it wichtichste skriuwdoel fan de tekst?
A ferdivedearje
B ynformearje
C oantrune
D oertsjûgje

Ut tekst 3 docht bliken dat ien fan de yn tekst 2 neamde maatregels tsjin alkoholmisbrûk ûnder jongeren wierskynlik net folle resultaat ha sil.
2p **32** Neam dy maatregel. Brûk net mear as fiif wurden.

“De diskusje leit it ûnderlizzende fan it hiele probleem bleat.” (r. 47-48)
2p **33** Kaam dêrby in nij gegeven oan it ljocht of wie dat allang bekend?
Ljochtsje dyn antwurd ta en behelje dêryn tekst 2.